

Lytse lju fan fleis en bloed

FD 14-7-12

Novelle

troch Jaap Krol

Aggie van der Meer (1927) is de *grand old lady* fan de Fryske literatuer. Begûn yn 1964 mei *It kermiel fan omke Romke* (in berneboek), krige har literêre karriêre echt stal yn 2000, doe't se mei *De stêd, it bist, de ingel* as dichteres debutearre. Sûnt dat jier publisearre se romans, dichtbondels en toanielwurk. Foar har histoaryske famylje-roman *Oerfeart* krige se yn 2011 de Piter Jellespriis. Sjoen it feit dat se nei 2000 hast alle jierren wol wurk publisearre hat, is it dus net ferwûnderlik dat Van der Meer ek dit jier mei in titel kommen is – in dûbeltitel yn dit gefal, want de twa novellen *In moaie dei yn 'e hjerst* en *Wa rêdt Cesilia Tan* binne gearfoege yn ien bondel.

It earstneamde ferhaal is in ferkenning fan de stjerlikheid. De haadpersoan is in frou op jierren, dy't har libben oertinkt yn it bywêzen fan persoanen dy't der net mear



Aggie van der Meer. Foto: Frans Andringa

binne, lykas broerke Dee, Lea, de frou fan it tellen en fanselsheit en mem (en beppe Aachje). Liiflik oanwêzich binne de buorman en it famke, besikers dy't sa út en troch delkomme om it ien en oar noch te besprekken. It is in ferhaal oer

miste kânsen (oer de wiere man dy't dizze frou miskien trof, mar noait hie) en oer skuld (oer it lot fan Dee, dy't mei in jeugdtrauma ferdwaalde yn it tinken). It giet oer dy iene oarloch (en alle oarloggen dêrnei) dy't mei it byld fan it

famke mei it reade jaske op wa't de hûnen fan Auschwitz loslitten waarden, eins noait fan it netflues ferdwûn. It is ek in ferhaal oer – sa't dat heart by oantinkens – de ûngrypberheid fan de deistige oarder dêr't ferlyfdheid, seksualiteit, freonskip en familiêre ferhâldings in wei yn fine moatte. Dy ûngrypberheid kin ek ûnsisber wurde, mar gelokkich binne der de koarte ferhalen dy't de frou oan har buorman foarlêst. Literatuer is sa noch altyd de meast tasjitlike foarm om minsklik ferlet en de mankelikens te tsjuten, liket de skriuwster te sizzen.

Yn *Wa rêdt Cesilia Tan* wurdt it needlot al op de earste side meidield as de noch jonge Cesilia Tan har sels tekoart dien hat en troch ien fan de bewenners fan har nije wenplak, in provinsjaal stedsje mei allinnich mar provinsjale minsken, yn har nije hûs fûn is. De moaie Cesilia wie oait de dochter fan in man dy't it ferkearde paad naam en yn de finzenis bedarre. Cesilia waard doe streekkrjocht yn 'e earms dreaun fan in 'omke', in drugsdealer mei suver kweade bedoelings. As bliken docht dat dy riedseleftige frou troch de bewenners fan it nije stedsje besjoen, besocht en berabbe wurdt, is it noch mar de fraach oft har libben no safolle better wurdt. Los fan in hiele rits frjemde mannen mei frjemde kofferkes komme bygelyks ek in speursike gemeenteamtner, de kapelaan en de foarsitter fan de

ûndernimmersferiening yn har libben. Dus wat docht Cesilia no de hiele dei mei al dy manlju yn en om hûs en hear en wêrom makket se fan al dy nuvere ritsjes yn de streekbus? Ien fan har gasten is de ûntsnapte finzene Walle Portier, in ûnhuere figuer dy't Cesilia yn har eigen hûs finzen hâldt. Hy is dejinge dy't se perfoarst net tsjinkomme moatten hie, mar krekt hy jout har werom wat se hieltyd fuortmoffelet: har seksualiteit. Cesilia is eins in hillige, in figuer oer wa't minsken fantasearje, rabje, mar foar wa't se ek dingen dogge om it eigen lot – saaiheid, frustraasje, iensumens – draachlik te meitsjen.

Twa novellen mei haadpersoanen dy't selsbewust yn it libben steane. Foar dy yntelliginte minsken oer steane de rêstleaze stakkerts, figueren dy't dêrom net minder nijsgjirrich binne. Se spetterje foaral net, mar wurde troch de berêstende, poëtyske en soms assosjative fertelstyl fan de skriuwster oanklaaid ta lytse lju fan fleis en bloed. Van der Meer hat de taal net sasear nedich om in ferhaal te fertellen, it ferhaal is in optelsom fan nuanses dy't it wurd bewurkmas-terje kin.

1 *In moaie dei yn 'e hjerst / Wa rêdt Cesilia Tan*. Aggie van der Meer. Elikser, 18,50 euro



De dingen fan alle dagen

'De dingen fan alle dagen fuorren it tinken en dus feroare it tinken oer de dingen fan alle dagen, dy't bûten it tinken om, sels ek feroaren. Eins foel de gaos dy't dêr fan te ferwachtsjen wie noch ta. Sels wat net te

begripen wie koe by de opsparre fragen rêstich op fierdere behanneling wachtsje, wylst it dêr al grôtfol wie. Soms loste him fansels wat op. Earst hie er har ôffrege wêrom't manljup-op-aventoer it wite hynder

thúslieten. Letter tocht se dat se gjin hynder hienen. Uteinlik hie se wol nei in man sjoen, mar dan ien dy't allinnich mei himsels kaam.'

1 Ut: *In moaie dei yn 'e hjerst*, side 29